

DE STIENNEN MAN

ORGAEN FAN IT BOUN FAN FRYSKNASJONALE JONGEREIN

Redaksje: R. VAN TUINEN, Langsweagen 234, samler
KEES JONGSMA - HARM SCHEFFER
Administraesje: Adm.sintrum:
W. DALSTRA, Dûbelde Rigel 31, 't Fean

Komt twaris yn 'e moanne
Inkelde nûmers: 15 sinten
Abonnemint leden f 1.40
Oaren f 3.— jiers
Printerij: Drukkerij Bouman

Winter

Winter, en de dei is suver,
En de wyn is strak en kâld.
Swarte fûgels fleane nuver
Oer de stiifbiferzen wrâld.

Wyt-igael strekke de lannen
Nei de skiere kimen ta.
En sa waerm binne dyn hannen,
En dyn eagen blinke sa.

En dyn stimme klinkt sa nuver
Swevend, sykjend om in doel.
Mar ús herten binne suver,
En ús hollen o sa koel.

En it bloed giet troch ús sinne
Mei in fêste, swiere slach,
Nou kin neat ús mear birinne
Hwant wy binne beide wach.

Ut „Stjerrerein” fan Marten Sikkema.

Losse praetsjes oer in miene gearsit

Wy hawwe ús M. G. wer hawn. Fansels ha wy lang net alles hawn, hwat wy hawwe soene. Fansels wie der wer fiersten to min tiid. Winlik is dit in goed teken, hwant it biwiist dat der noch plannen en initiatieven binne. It is dan ek to hoopjen dat men in folgjende gearkomste net boun sit oan in slutingstiid, mar jin folslein útraze kin. Binammen de lêste punten op 'e wurklist krigen har gerak nou net earlik. De rounfraech wie bipaeld skrael en dochs wit ik fêst, dat der noch guon wiene dy't mei nije of heal-nije ideën op 't aljemint komme woene. In oare kear moet der mear romte wêze om soks to dwaen.

De opkomst wiist net sa min, as men rekent mei de net botte appetijtelike menu-kaert dy't ús foarlein wie. Ommers, yn 't algemien achtet men karbrieven, útstellen en aksjeforslaggen gjin lichte smaeklike kost. Dêrneffens wiene der frijhwat leden. In oare kwesje is, oft dy gerjochten allegearre goed trochbakt en forwurke wiene. Men krige bytiden de yndruk, dat der, sawol persoanlik as yn kriteforbân, to min stúdzje makke wie fan de punten dy't de wurklist oanjoech, binammen fan de karbriefforoaringen sa't dy útsteld waerden. En hwat dit lêste oanbilanget, krige men soms it gefoel, dat sels de hearen „after de tafel” noch net troch en troch thús wiene yn it doalhôf fan kêsten en sub-kêsten. Sadwaende hie men al yn it bigjin fan it bisprek in bysûnder komyske sitewaesje, dêr't tige soun op reägearre waerd troch to applau-

disearjen, mar dy't dochs de dregens fan it karbrief-fraechstik skerp oan it ljocht brocht.

It wie dan ek in handige en forstannige set, om de hiele karbriefrippersaesje oer to litten oan in kommisje, om dan letter de fortuten dêrfan it Boun foar to lizzen. Der sil dan op wurke wurde moatte, safolle mûglik ienheit en lijn yn de petearen to krijen. It liket my dan ek fierwei it gaedlikst, as de Dielen binammen der oer to set gean, en met krytyk of amendementen nei foaren komme. Tusken it rounstjûren fan it ûntwerp, en in definityf bisprek op in Bounsgearkomste, sil dan ek mear tiid lizze moatte as dizze reis.

Hwat de sfear op de gearkomste oangiet, dy wie sa't wy dy wend binne: gemoedlik, frij, en dochs biskaefd. Allinne: soe der net hwat mear spile wurde kinne. Yn it skoft b.g. kin soks foar 't selde. En it forheget de stimming en de fleur tige.

R. v. T.

Us karbrief

In karbrief is feitlik in wûnderlik ding. As it organisaesjelibben gewoan en noflik rôllet, forjit men it bistan der fan. As der lykwols immen is, dy't spul meitsje wol, of mei revolúsjonaire plannen komt, of der moat eat foroare wurde, hwat dan ek, dan wurdt it karbrief hastich foar 't ljocht helle, earne út stofige kassen of archieven wei, om neipluze to wurden op syn wearde foar de oplossing fan de oanbilangjende kwesjes. Op 't M.G. waerd sein: „it karbrief is foar it Boun, hwat de Grounwet foar de Steat is”. Dit is in dúdlik byld. It karbrief is de formulearre basis fan it Boun, it jowt de grounslach en it doel oan, it is in hâldfêst as men foar swierrichheden komt to stean. Dit bipaelt de ynhâld en de foarm, dy't in karbrief foreasket. In karbrief moat dúdlik en logysk opboud de grounbigjinsels fêstlizze; tagelyk moat it romte jaen foar in linich organisatoarysk bistjûr. It moat net in harnas wêze, dat jin yn 'e wei sit by eltse beweging, en dat dus om 'e haverklap foroare wurde moat. It moat in „handvest” wêze, ornearre foar in bistan fan jierren. Fierder moat ek de tael suver wêze, sawol hwat de styl, de wurdkar as de spraekunst oangiet. Men moat der mei „forskine”, en greatsk fan sizze kinne: sjoch, dat is ús stribjen!

Foldocht ús karbrief hjoed de dei oan de stelde easken? Men skynt to mienen fan net, tsjûge it ûntwerp fan in foarige kommisje, en it oanstellen fan in nije kommisje om de foarige to forfangen. Dêr is neffens my ek wol reden ta. Net sasear noch om't de foarm of de

yndieling net mear foldwaen soene, mar folle mear om't op in nij it doel fan it Boun ûnder eagen sjoen wurde moat.

Hwat it earste oanbilanget, liket my b.g. it âlde kêst 2 net alhiel logysk fan opbou, en hwat swak formulearre. Mar folle wichtiger as dizze en oare, mear formele kwesjes, is de fraech: hwat wolle wy wêze. Jowt de hjoeddeiske sitewaasje ek oanlieding, om njonken it Frysk-Nasjonale stribjen as doel, noch in twadde doel, dat fan de „opfieding ta romme forantwurdlike ensfh. minsken” yn it karbrief op to nimmen?

Oant nou ta koene de „opfieders” harren allinne biroppe op Kêst 3 punt a: „.... en it opfieden fan de Jongerein ta in geve Fryske libbenshâldinge”, in sin dert men fan alles fan meitsje kin. Der is lykwols noch net folle fan makke. Bounsrie en Dielsrie hawwe it fraechstik ôf alhiel net, of sidelings bisprutsen. De koarte diskusje yn inkelde Stienen Man-nûmers hat it lêste wurd ek noch net sein, ja, wie winlik allinne noch mar in oanrin. It is tige spitich dat der oer dizze djip yngeande dingen gjin forfolch op de oanrin kommen is, dat de saek dus noch hein en nei net útfochten is. Dit is spitich, net allinne om de saek sels, mar spesjael omt de kommisje nou gear moat oer it karbrief, dus ek oer de formulearring fan it doel, sûnder dat hja wit hwat der yn it Boun libbet. It hie nou de tiid west om oan de ûnbifredigjende tastân in ein to meitsjen troch in wiidweidige diskusje, sawol yn it Bounsgaen as op gearkomsten, dy't dan liede kinnen hie ta in massale útspraek. In útspraek oer âl of nèt opfieding, of oer opfieding as bykomstich doel. Dizze utering hie dan fêst lein wurde kinnen yn in ûntwerp-karbrieforoaring. It mankearjen fan sa'n útspraek is in handicap by it wurk fan de kommisje. Hja moat nou by it bipalen fan de mieningen en de geast yn it Boun, ôfgean op inkelde persoanlike uteringen en op eigen yndrukken; yndrukken dy't net altiten suver wêze sille.

In greate kâns dat mei gauwens, ôf yn de Stienen Man, ôf yn greadere of lytsere gearkomsten, dit punt oan 'e oarder komme sil, en dat yn greate styl, is der net. Sadat it warskynlik is, dat net earder as by it foarlizzen fan it nije ûntwerp-karbrief, fan ditoangeande in massale útspraek to forwachtsjen is: in útspraek dy't, theoretysk bisjoen, yn folsleine tsjinspraek wêze kin mei it útstelde. Hwerom oppenearret it Boun him net earder oer hwat it yn dizzen âl of nèt wol?

It is in tige prinsipiële kwesje.

R. v. T.

It Catalaenske en it Baskyske emigrante-regear

Foar it graetste part yn it Spaenske ryk, foar in lytser part yn it Frânske ryk, wenje de nasjonale mindertallen fan de Catalanen en fan de Basken, dy't beide it wicht fan frjemde oerhearsking jimmeroan hurder fiele. Yn 'e jierren nei 1930, doe't it gesach fan it Spaenske regear hoe langer hoe minder waard, moast it Spaenske regear it iens wêze mei selsbistjûr foar Cataloanje en Baskelân. Doe't nei ôfrin fan 'e boargerkriich it krêftige, sintrale regear fan Franco oan 'e macht kaem, waerden alle foarrjochten foar it Catalaenske en Baskyske folk wer ôfskaft. In bulte Catalanen en Basken ha as émigranten har heitelân forlitten.

Yn it formidden fan Spaenske émigranten waard yn Mexico in nij Spaensk regear foarme. Tsjinwurdich setelet dit regear yn Frankryk. Kâns om ris oan 'e macht to kommen hat dit regear, neffens myn ynsjoch, eigentlik net. As it ris wêze soe, dat de Amerikaenske en Ingelske regearen Franco perfoarst net langer duldzje wolle, dan sil der grif wol yn syn plak in kening as setboer oansteld wurde. Gesach oer de Spaenske bifolking hat dit Spaenske émigrante-regear hielendal net; oer it generael is de Spaenske bifolking sels net ienris op 'e hichte mei it bistean dêrfan.

Doe't Spaenske émigranten har eigen regear foarme ha, binne de Catalaenske en Baskyske émigranten net binefter bleaun en ha foar Cataloanje en Baskelân, as autonome dielen fan it Spaenske ryk, eigen regearen foarme. It gesach fan dizze émigrante-regearen by de bifolking yn it heitelân sels is gâns greater as dat fan it Spaenske émigranten-regear. Allikewol bistiet der nei alle gedachten ek foar dizze regearen yn 'e neiste takomst gjin mûglikheit om de macht yn it heitelân oer to nimmen. De Catalaenske en Baskyske regearen hawwe bûtendat jitte in oare swierrichheit, dy't it Spaenske émigrante-regear net hat. Dizze regearen biskôgje har fansels as de fortsjinwurdigers fan hiel de Catalaenske en de Baskyske naesje yn 'e frjemde. Hja genietsje de gastfrijheit fan 'e Frânske republyk. It Catalaenske en it Baskyske folk wennet lykwols net allinnich yn Spanje, mar foar in part ek yn Frankryk. Catalanen en Basken wurde yn it lofts regearre Frankryk like hurd der ûnder hâlden as yn it faksistysk regearre Spanje. De Catalaenske en Baskyske regearen kinne fansels allinnich tsjin de Spaenske oerhearsking agearje, en har net tsjin it Frânske regear rjochtsje. Dit soe op 't heden tige ûntaktysk wêze; en boppedat: dizze regearen ha nou ien kear gastfrijheit yn Frankryk, en al jowt it Frânske regear dizze gastfrijheit net samar om 'e nocht, mar mei in fêst eachwyt, men moat dochs altiten min of mear fatsoenlik bliuwe, is n't wier? By dit alles komt jitte it gefaer, dat foar alle émigranten jildt, dat hja gauris fan har eigen folk forfrjemdzje kinne. Bygelyks de president fan 'e autonome Baskyske republyk jowt by syn lânslju argewaasje, om 't er oan in Ingelsk wiif braske is en frâl ek om 't syn eigen bern Ingelsk yn 'e hûs prate yn sté fan Baskysk.

Sa is de posysje fan it Catalaenske en it Baskyske émigrante-regear net maklik. Dochs binne dizze regearen der net omdôch. Hja ha in wyt, dat to birikken is. Hja moatte har folk yn 'e frjemde fortsjinwurdige. Hja moatte de frijheitssin en it stribjen nei selsbistjûr yn har heitelân to wekker hâlde. Hja kinne der ta meiwurkje in ein to meitsjen oan 'e fordjerlike striid tusken lofts en rjochts dy't by Catalanen en Basken, lyk as by oare nasjonale mindertallen, it ta stân kommen fan selsbistjûr altiten yn 'e wei stien hat. Hja moatte de grounslach lizze foar de nasjonale frijheit, dy't ienris komme moat.

F. S. v. H.

Tinkboek of teltsjeboek?

Net faek hat it Fryske folksbistean sa faei stien, as yn de wylde jierren fan 1940—1945. En net faek hat it folk him sa fûleindich en ienriedich forward tsjin de driging as doe. Krêften, hwaens bistean men net ealge hie, kamen starich mar ûnwjersteanber boppe, en

hawwe de striid opnommen tsjin in raffineard, en letter barbaersk geweld. Is it dan net natuerlik dat wy, minsken fan dy tiid, hopen dat dy unike striid yn machtige foarmen biskreaun wurde soe, foar ús en foar de neiteam? Lykwols, oant nou ta hopen wy omdôch. It skynt dat datselde folk gjin krêften en geasten hat om yn greatske foarmen stal to jaen oan it kompleks fan motiven, de sielkundige aspekten en de dramatyk fan syn eigen forset. It skynt dat wy it dwaen moatte sûnder „de” forsetsroman.

Men kin it forset ek oars biskriuwe, allinne de feiten en it forrin derfan werjaen, op suver dokumentaire menear dus. Dit is ek fan greate wearde, en nedich foar in lettere histoarjebiskriuwing. En dat hat J. P. Wiersma bisocht mei it skriuwen fan syn „Kriich tsjn frjemd-folk”. Neffens syn foarwurd „wol it wêze in bitrouber relaes, in „documentaire”, en neamt hy him sels de „chroniquer fan it wyldige (!) barren fan ús tiid”.

Wy hoege yn dit tinkboek dus net alderearst to sykjen in skildering fan de eftergroun, hwerút as fansels de feiten oprize, mar mear in relaes fan de feiten sels. Om dy reden sille wy J. P. W. der dan ek gjin forwyt fan meitsje, dat hy „geast en sfear” fan it forset net útbylde hat. Mar hat J. P. W. nou wol in „bitrouber relaes” jown? It muoit ús tige, mar it is him mislearre, grandioos mislearre.

Wis, it boek jowt wol in smite feiten wer. Mar it jowt dy net skematysk genôch wer, lit se to min sjen yn it greate forbân. Boppedat wurde in bulte wichtige feiten net neamd. En fierders is de foarm ek net dy fan in „kronyk”, mar fan in fortelboek. Alles byinoar jowt it in ûnsuver en soms sels ûnwier byld.

Om mar hwat to neamen: it wichtichste forsetswurk hat west dat fan de L.O. en fan de parse. Dit kin men sizze, sûnder it wurk fan de N.B.S. leech to lizzen. Mar J. P. W. kladdet sa likernôch 270 siden fol oer N.B.S. en K.P., wylst de L.O. it mei sa'n 70 en de parse it n.b. mei 4 siden dwaen moatte. Sa'n forhâlding roait nearne nei. De forklearring is och sa foar de hân lizzend. W. hat safolle mûglik him talein op dy feiten, dy't ta de forbylding sprekke, felten mei in smite bloed, deaden, spanning, detective-eftige komplikaesjes mei de foreaske útreddingen, en alsa mear. Sokke stoffe soe der fêst yngean. Fansels is dêr neat op tsjin, mar dan moat hy net prate oer „tinkboek” ensfh., mar as titel nimme „de K.P. op jacht”, „weapons were dropped” of sokssahwat.

Nou kin men yn 70 siden in soad fortelle fan de L.O. Lykwols, W. jowt net dúdlik wer de groei fan it individuele forwar nei it koördinearre forwar, hoe't de organisaesje nou krekt wurke, hoefolle distrikten en rayons Fryslân yn forparte wie. Net iens in kaertsje, net iens sifers En de hiele L.O. ûntjowing wurdt to simpel sjoen. Bipaelde forfelend is, dat hy de L.O. forskillende reizen hjir en dêr wer opdûke lit, en dan foar de safolste reis wer biriddeneart, dat de L.O. nou wrychtich yndied foar ûnderdûkers, Joaden, ensfh soarge. „Man, dit wisten wy al, hâld Jo yn 'e goedichheit by de tekst” soe men him bytiden taroppe wolle.

It alderbilabberdst komt de parse der wol foar wei. Nei 't men 168 siden grienmank fan L.O., staking, nuodlike aventûren en nachklik gehelster mei wapens forarbeide hat, stuitet men ynienen op illegale kranten. De folchoarder en it forbân lykje dus op neat. En hwat er yn dy skiterige fjouwer siden (minus in printsje

dat der net safolle mei nedich hat) dan fortelt is sa ûnfolle (en bytiden ek foutyf) dat men de yndruk kriget dat de skriuwer wer hastich mei syn nuodlike aventûren foartfarre wol. Fan it nijsgjirrige forskynsel fan it bisten fan in spesiaal Fryske illegale parse b.g., komt men neat to witten. Sels ús Stiennen Man neamt er net iens! Trouwens ek it flirten fan de Germanen mei ús Fryske Biweging, en de ôfwizende hâlding fan dizze (ek forsetsstriid) hat W. royael forgetten. Net sensasjoneel genôch, seker.

De N.B.S. kriget syn gerak navenant dûbeld en dwers. Mar ek hjirre to min systeem, to min dokumintaesje. Net iens in kaert mei de N.B.S.-distrikten (wer hwat oars as L.O.-distrikten), of mei de ôfwerpterreinen en de plakken fan sabotaezje.

Mar hoe stiet it nou mei de bitrouberens fan de feiten, dy't hy al neamt. Eilaesij, ek hjirre hawwe wy reserves. Earstens al, omt it net ûnmûglik is dat de âld-illegalen, dy't W. ynlochte hawwe, wolris dingen weilitten hawwe, dy't foar har of harren kollega's net noflik wiene, of wolris dingen tafoege hawwe dy't wyl noflik, mar net wier wiene. Dit soe net sa freeslik wêze. Sels de âld-illegalen binne op 't lêst minsken (binammen as men op de „valreep” stiet). Mar dan is it de plicht fan de chroniquer, om de forskillende lêzingen to forgelykjen en sa de krekte of meast krekte lêzing der út to distellearjen. En sjoch, soks fortrouwe wy de flotte journalist Wiersma net ta, net allinne omt hy journalist is, mar mear jif, omt hy troch syn eigen skôgingen biwiist, dat er de dingen wol graech hwat kleurje mei, en omt hy him wolris „forsint”. Ik wol dit „dokumentearje” mei foarbylden.

Op side 28 is der yn 1942 al in goed organisaesje en ienriedich forset. Kleare bare únsin. Dêr kin men earst nei de staking fan '43 fan prate.

Op side 34 wurdt biweard, dat de Maejsteking losbruts doe't it „Nationaal Comité” it sein joech. Dit is fiersten to simpel sjoen. Sel koe it wolris bipaelde ûnwier wêze.

Op side 70 wurde der by de arrestaesje fan de G.O.L. to Tsjerkwerd lokkich gjin nammen foun, mar op side 164 meitsje de Poepen by deselde arrestaesje listen mei nammen bût.

Fierders wurdt der bytiden grouwelich oerdreaun, sawol hwat de omfang en de ynfloed fan de „biweging” oangiet, as hwat de reaksjes fan it folk op bipaelde Dútske of illegale dieden, of op bipaelde gebeurtenissen, oanbilanget. Ut alles kriget men de yndruk, dat it hjirre ien bonk terreur, en dêrfoaroer ien bonk forwar wie. Hwerom hat er him ek net altiden as chroniqueur by de feiten hâlden, en syn eigen skôgingen foar him hâlden? Dêrtroch hie it boek oan wearde en gevens winne kinnen. Hwant W. skynt net folle each to hawwen foar it komplisearde fan minske, folk en forset. Riedsels skine der net to bisten.

By alle mankementen spant de tael de kroan. Lyk as mear would-be-skriuwers dogge, wurdt bisocht it brektme oan sizzenkrêft „goed to meitsjen” troch rounom mei eigenskipswurden en bylden to struijen, sûnder to witten fan wearde, plak en sfear fan it wurd en it byld. As grabbeltonne hat fungearre de „Rimen en Teltsjes”. Troch dit alles, en troch it brektme oan „piëteit”, komt hy bytiden ta in seldsume ûnsmaeklikens en ûnaesthetyskens fan tael. Hwat seit men fan: „de R.A.F. mei syn float fan tûzen stielen flinters”, „in brenskutter dy't

kroandea falt", „Joadske harterkes dy't earne lizze to blijkjen en to tomme sûgen"?

Fierders geane de Dútskers nei gichem, lizze se to spinfuotsjen ensfh. Hawar, it binne ek mar Poepen!

De „prologue sinistre" is gewoan wei net to lêzen.

Moatte wy dit wurk nou alhiel forsmite. Né, sa raer is it nou ek wer net. It hat wearde as fortel- en lêseboek, by in waerme hurd en ûnder in slûge lampe. En dan stean der wier hiel aerdige forhalen yn. Om mar hwat to neamen: it forslach fan de L.P. („luisterpost"), de kraak fan de Ljouwerter finzenis, en forskillende sabotaezje-oanslaggen en fjochtpartijen yn it „lêste fan de dagen".

Fierders hat it boek ek wearde as boarne foar in echte chroniqueur. It jowt in smite stof. Mar fansels sil dy stoffe tige kritysk foararbeide wurde moatte.

Lykwols, it Fryske folk, as drager fan it forset, hie hwat oars fortsjinne. Om de illgaliteit noch mar net iens to neamen. R. v. T.

Petear mei God

fersen fan Gerryt Tsjerks Kooistra, útjefte: T. Wever, Frjentsjer, 1946

Under dizze titel, ús bikend út it earste nûmer fan „De Tsjerne", jaget ús in griffermeerd ûnderwizer de skrik op 'e lea. Oer de geastlike ynhâld fan dizze „fersen" sille wy swiye: elts siket de wierheit op syn manear, en oan de earlikens fan skriuwers dêmoedichheit wolle wy alderminst twivelje. De wize hwêrop hy lykwols syn fielen stal jowt docht ús de

Leabrekker

Orgaen fan de Keninklike Maetskippij ta bifoardering fan de neisteleafde.

Motto: balk en splinter.

Us taelhoekje, 2e les rare wurden.

Reäksjonairen = tsjinstanners.

industrialisaesje = lêzingen of krante-artikels.

veto = v-triye, Us Nijste Oarlochswapen.

illegaliteit = lestpost; sjoch ûnder: „Der Mohr hat seine Schuldigkeit getan; er kann gehn".

devizen = tsjoenwurd, machtsword; ek wol exportartikel ûnder devys: „hoe stiller hwat better".

distrebúsje =? kinne wy nôch gjin hichte fan krije. Miskyn ôflaet fan „konneksje".

Kulturele nijtsjes. Dokkum docht syn namme as kultureel sintrum wer alle eare oan. De lêste wiken binne, yn de ateliers fan it kunsthûs „Maison de Picture", twa artysten dwaende mei de oan de rinnende bân skilderijen to skeppen. Ut in ús tastjûrd prospektus helje wy oan: „Ut foarrie en op bistel to krijen: opkommende en ûndergeande sinnen yn tweintich forskillende teinten; idillyske wetterpartijen mei streamend en stilsteand wetter, kleur nei eigen kar; stillibbens fan Makkumer ierdewurk, boeken (ek Fryske), ensfh.; pittoreske doarpsgesichten, sawol mei sealtek en punttuorren, mèi liedklok. Alles sawol yn impressionistyske as expressionistyske útfiering to leverjen, en fan foararlochske kwaliteit".

It Boun fan Fryske skriuwers docht ús to witten: it Boun sit opheden mei de swierrich-

grize oer de grouwe gean: in minne learling fan Abe-om. Levere dy ús noch klinkerts, dit meije balstiennen hjitte.

Ien fan 'e merktekens fan dit slach wurk is it oerdreaun gebrûk fan haedletters, puntsjes, streekjes en oare faeije tekens. Wiswier, soks makket de saek spannend en tsjuster, en rêdt de „dichter" gauris as er dermei oan is.

De uteringen fan dizze taelbrûker binne dan ek sa stumpereftich, dat elts dy't lêze kin, it hier oerein giet. Fragminten as:

— En nachts, har hûs ûntflechte yn in jeep, Waerden hja skeind, ús famkes foar in reep. binne grif „einmalig", sels yn 'e Fryske literatuer, dy't dochs ryk is oan melodramatyk en dwylsin.

Wy wegerje oan to nimmen dat Kooistra der bilang by hat dat wy ús de bûsen útskuorre, en lizze dêrom it boekje oan kant. Alle sûnden dy't dizze ûnderwizer tsjin tael en tsjin stavering begiet sille wy mar oersljochtsje: it komt in dea baerch op in stek net oan, en der sitte hjoeddedei wol mear rûchbûtsers efter de skriumesine. It sil ús ris nij dwaen hoefolle „romans" hjir wer efterwei komme. M. S.

Meid. Redaksje. Us lêzers soe ik der tige op oanstean wolle, harren miening to sizzen oer it art. fan A. W. oer it kritesysteem.

Meid. Redaksje. Der waard yn de „Ljouwerter Courant" grute, dat de namme „Leabrekker" foroarje soe. Dit geroft mist alle groun fan wierheit. De Stiennen Man soe him omdraeije as er soks hearde. Né, lêzers, „wy, wy lit ús namme net farre", nea, ek net nei drigeminten.

heit hwa't aensens it oankommende boek fan A. Wâdman yn 'e bisnijing nimme sil. Dêrom hat hja, as oantrún, in priis tasein foar de bêste krityk (de Brouwer-Lodewyk-priis). Hja forwachtet dat elts spieren en harsens spanne sil.

Berneherne fan Omke Gabe.

Jongens en famkes. Ja, jim sille wil rare ûnwennich wêze fan Omke Sibe. Mar Omke koe it wier net helpe, dat er forline simmer fuortrekke. Hy moast nei de greate stêd ta to learen yn mezyk-banden en sa. Miskyn komt er fan 't winter noch ris oer mei de alvestêddetocht, en dan kinne jim Omke by de start (net by de finisj, hear!) wol efkes dach sizze. Dat sil er och sa moai fine. Sadwaende hawwe jim nou in nije Omke krigen, en dy is ek och sa wiis mei jim, hear.

Us brievebuske: K. J. to IJ. Jonge, jonge, hwat hat hy moaije ferskes makke. Hast dat hielendal allinnich dien? Silst it der wol drok mei hawwe, mar moast Omke oars al werris skriuwe, hear!

H. S. to W. Krijt Omke hast werris in fiks brief fan dy? Of hawwe jim it to bandich mei it nije learen op skoalle, en mei it tellen fan Master syn nij great salaris.

D. K. to R. Wolle de kammeraedsjes nou net mear mei dy boartsje? Nou, dat is net sa moai fan harren. Mar der komme fêst wol ris nije jongens, en dan kinst dêr wol wer mei gean. Hâld dy mar great, hear.

H. D. to Lj. Jonge noch en ta, dat wie mar wer in hiel lang brief. Dú kinst it wol. Bist noch altiten sa skrael? Mar flink fitaminen en levertraan ynnimme, en dan takommende slimmer mar ris nei 't eilân.

Daech allegearre fan Omke Gabe.